

# De foarming fan famyljenammen yn it dialekt fan Wangereach

A.P. Versloot

## 1. *Ynlieding*

Fêstleine famyljenammen sa't wy dy no kenne, binne foar it grutste part fan de befolking yn de Fryske krite by de Noardsee lâns in ferskynsel fan rûchwei de lêste 200 jier (König 1978, s. 125-127). Foar dy tiid waard de foarnamme folge troch in ferwizing nei de heit, of ek wol nei de mem. Dy wize fan nammejouwing is noch altyd regel op Yslân. As de heit *Sveinn* hyt, dan krijt in soan de heitenamme *Sveinsson* en in dochter *Sveinsdóttir*. Yn oare Skandinavyske lannen binne ek in soad nammen op *-son* of *-sen* te finen, mar dêr binne it famyljenammen wurden en dy ferwize dus net mear nei de namme fan de heit. Ek froulju hite dus fan *Petersen*, *Larssen*, *Bengtsson*. Yn it Nederlânsk is de namme *Jans(s)e(n)* wol de meast gongbere fan dat type. It is in oerbliuwsel fan nammen op *-zoon*. As typysk Frysk jilde tsjintwurdich de famyljenammen op *-a*, lykas *Adema*, *Dykstra* of *Boersma*. Nammen op *-a* binne oerfertsjintwurdige yn Fryslân, Grinslân en westlik East-Fryslân as men ferliket mei oanswettende krite (Ebeling 1970).

Yn Fryslân komt it noch altiten foar dat ien yn it deistich taalgebrûk oantsjut wurdt mei in heitenamme achter de persoansnamme, bygelyks *Bauke Gjerrits*. In bekend foarbyld is ek *Pieter Jelles Troelstra*, de soan fan *Jelle Troelstra*. Yn it Frysk wurdt sa'n heitenamme net makke mei help fan *-soan* of *-dochter*, lykas yn it Yslânsk dien wurdt, mar trochdat de namme fan de heit inkeld yn de genityf set wurdt. Yn de midsieuwen komme yn Fryslân beide foarmen foar, dy op *-soan* en dy mei inkeld in genityf. Foarbylden út de Aldfryske oarkonden mei achterheaksels as *zin*, *zoen* (= *-soan*) binne: *Hemma Odda zin*, *Eepe Lolle zoen*, nêst *Likla Haukis*, *Lyuwa Hettis* sûnder *-soan* (Vries 1984, s. 99 e.f.).

Op basis fan it foarôfgeande stik, wol ik de folgjende termen definiearje:

Under **persoansnamme** ferstean ik in namme dy't heart by ien yndividu (al kinne fansels mear yndividuen dy namme hawwe). It is wat wy gewoanwei de foarnamme neame. In **famyljenamme** is in fêstleine, erflike namme. In famyljenamme is mienskiplik foar besibbe persoanen neffens bepaalde regels. Famyljenammen binne faak ôflaat fan in heitenamme (*Jansen* < *Janszoon*), ferwize nei it geografysk komôf (*Van Gennip*) of nei in berop (*De Boer*). Yn alle gefallen is de betsjutting bestjurre en wurdt net mear as sadanich opfette. It begryp **heitenamme** brûk ik yn de betsjutting fan patronym. It ferwiist nei de heit fan ien. In heitenamme wurdt foarme troch de namme fan de heit yn de genityf, mûlk noch folge troch it wurd *soan* of *dochter*. sa is yn it boppeneamde Yslânske foarbyld *Þórdís Sveinsdóttir* dus de dochter fan *Sveinn* en yn it Fryske foarbyld is *Pieter Jelles* de soan fan *Jelle*. Inkeldris komt men ek wol memmenammen tsjin.

## 2. Famyljenammen en tanammen op Wangereach

Ik wol my no rjochtsje op it útstoarne dialekt fan Wangereach (Wangerooge), it eastlikste bewenne Eastfryske waadeilân. Op dat eilân waard in dialekt praat dat nei besibbe wie oan it no noch besteande dialekt fan it Sealterlân. Ien fan de ferskillen mei it Sealtersk is lykwols de fiergeande ôffal fan einlûden yn it Wangereagersk. Dy ûntbrekt yn it Sealtersk. Dat ferskynsel komme wy aansen noch tsjin.

Nei't it doarp op it eilân Wangereach yn 1855 foar it grutste part troch de see fuortspield wie, wie de taal ta de ûndergong keard. Uteinlik binne de lêsten dy't Wangereagersk prate koenen yn 1950 ferstoarn. De belangrykste boarne oer de taal foarmet H.G. Ehrentraut syn *Friesisches Archiv* (tenei *FA*), basearre op oantekenings út de tritiger jierren fan de njoggentjinde ieu.

Benno Eide Siebs (1928) jout yn syn boekje *Die Wangerooger, eine Volkskunde* in mannichte gegevens oer it eilân, syn bewenners en har taal. Op side 88 jout er in stikmannich famyljenammen dy't neffens him om 1770 hinne noch as echte heitenammen yn gebrûk wienen. Op it stuit dat hy se optekenet, binne it lykwols famyljenammen. Hy jout de nammen yn har fêstleine ferdútske foarm. De nammen binne ôflaat fan persoansnammen en hja geane út op *-en* en *-s* (sjoch de taheakke).

It komôf fan dy útgongen is op himsels net sa dreech. It giet hjir om genityf-útgongen manlik: *-en* is de saneamde swakke, *-s* de saneamde sterke útgong.

De útgong *-en* is oars net oarspronklik Frysk. De oarspronklike swakke genityfútgong is yn it Aldfrysk *-a*, sa ek yn in let-Aldeasterlauwerskfrisk hânskrift as it Fivelgoer hânskrift (Sjölin 1970, s. 117). Wol fine wy dêr al de *-an* útgong yn it meartal nominatyf en akkusatyf fan swakke manlike haadwurden, nêst *-um* (datyf) en *-ena* (genityf). Dat de *-en* soe út it meartal wei komme kinne. In oare mooglikheid is dat de Fryske *-a*, dy't troch lûdôffal drige te ferdwinen, ferdongen waard troch it Leechdútske *-en*.<sup>1</sup> Beide reden kinne ek tagelyk ynfloed hân hawwe.

De útgongen *-en* en *-s* fine wy ek yn it Fering-Öömrang. Jarich Hoekstra (1995) hat dêroer skreaun en regels jûn foar de ferdieling fan *-en* en *-s* yn it Fering. Yn it Fering-Öömrang wurdt de ferdieling bepaald troch de morfonologyske struktuer fan it grûnwurd.

Op side 90 jout Siebs noch wat kontemporêne tanammen, dat wol sizze út de njoggentjinde en iere tweintichste ieu. Dy tanammen ferwize nei sibben. Hja steane hieltyd fôar de persoansnamme. It docht bliken dat dy nammen net foarme binne op *-en* of *-s* mar op *-ens* of *-s*.

Yn dit artikel wol ik twa dingen besjen: 1. Hoe binne de Wangereager famyljenammen taalkundich foarme, yn it bysûnder, hoe is de ferdieling fan *-en/-s*

---

<sup>1</sup> Yn it Westerlauwerske Frysk waard *-a* ferswakke ta *-e* en kinne by eigennammen en sibskipsoantsjuttingen noch brûkt wurde: *memme auto*, *heite fyts* (tsjintwurdich faker: *mem har auto*, *heit syn fyts*).

en letter *-ens/-s* ta stân kaam? 2. Hoe ferhâldt de foarming fan de famyljenammen him ta de foarmen út de njoggentjinde en tweintichste ieu?

### 2.1. Wangereager famyljenammen

Yn taheakke 1, A en B jou ik in oersjoch fan de famyljenammen mei nêstinoar de famyljenamme, de persoansnamme dêr't er fan ôflaat is yn Dútske foarm, en de persoansnamme yn Wangereager foarm, lykas yn gebrûk yn de njoggentjinde ieu (*FA*, dl.I, s. 340). Hjir folgje in pear represintative foarbylden:

A: nammen op *-en*

Foken	Foke	fauk
Hayen	Hayo	hóoii
Onnen	Onno/Onne	aan
Otten	Otto	ot
Tannen	Tanne/Tanno	tan
Janssen	Jan	jan
Johansen	Johan	johán

B: nammen op *-s*

Borchers	Borchert	bórgert
Christians	Christian	kristiân (Siebs 1928, s. 86)
Dierks	Dirk	diirk
Gentets	Gentert	géntert
Luths	Luth	luut
Tiarks	Tjark	thiiárk
Wilters	Wiltert	wíltér

It ferskil tusken famyljenammen op *-en* en *-s* ferklearret Siebs oan de hân fan de Dútske ferzjes fan de persoansnammen. Neffens him krije de nammen op fokaal *-en* en de oaren *-s*. Dat jout in goede ferklearring, al moat men dan foar de Dútske foarm eins de Aldfryske foarm nimme; dy binne yn in ferdútske foarm op skrift oerlevere. It giet hjir om de Aldfryske ferdieling tusken sterke en swakke ferbûgingsklassen: 'swakke' nammen krije *-en*, 'sterke' krije de útgong *-s*.

Nammen as *Janssen* en *Johansen* falle hjir eins bûten, om't it nammen op *-sen* binne. Op side 94-96 jout Siebs noch in pear nammen út de santjinde ieu. De ferdieling fan de útgongen *-en* en *-s* is dêr folslein yn oerienstimming mei Siebs syn ferklearring.<sup>2</sup>

In ferklearring fan de ferdieling fan de *-en* en *-s* útgongen op basis fan de njoggentjinde-ieuske Wangereager foarmen is neffens my net mooglik. It mei

---

<sup>2</sup> Yn de Riustringer hânskriften, dy't it Aldfrysk befetsje dat it tichtst by it Wangereagersk stiet, haw ik gjin kontemporêne Fryske eigennammen fine kinnen.

wêze dat de nammen op *-en* meast ienwurdliiddich binne - dat as gefolch fan de einlûdôffal - mar ek yn groep twa sitte ienwurdliiddige nammen, lykas *diirk* en *luut*.

Dêr moat men út ôfliede dat de foarming fan de famyljenammen barde op basis fan in foarm fan Wangereagersk dy't âlder is as dy't ús oerlevere is. De útgong fan de famyljenammen wurdt ommers bepaald troch in fokalyske útgong fan de persoansnamme dy't yn it ús oerlevere Wangereagersk al hielendal ferdwûn is. Ehentraut syn belangrykste ynformante wie berne yn 1774. Yn in Wangereager wurdlist út 1800 fan U.J. Seetzen (ferl. *FA* dl.I, s. 14) liket de fokaalôffal al folslein.<sup>3</sup>

De einlûdôffal is fan foar 1800 wylst de famyljenammen tusken 1770 en 1785 fêstlein binne; wat oan dan ta heitenammen west hienen, waarden doe famyljenammen (Siebs 1928, s. 88). It gat tusken it âldste oerlevere Wangereagersk en de perioade fan it fêstlizzen fan de famyljenammen is sa lyts, dat wy oannimme meie dat ek yn de perioade 1770-1785 einfokalen yn it Wangereagersk al (fierhinne) ferdwûn wienen. Om't de *-en/-s* ferdieling weromgiet op in sitewaasje fan foar de einlûdôffal, moat de konklúzje wêze dat dy nammen al bestjurre wienen op it stuit dat se skriftlik fêstlein waarden as famyljenamme; de ferdieling fan *-en* en *-s* wie leksikalisearre. Sa krige *iik -en: icken*, wylst bygelyks *luut -s* krige: *luuts*. Syngroan sjoen wie der gjin regel mear dy't dat foarsizze koe, mar troch de stabiliteit fan de nammefoarrie bleau de oarspronklike tastân bewarre.

De heitenammen wienen sûnt de ein fan de achttjinde ieu famyljenammen wurden. Dochs hat it hjir beskreaune type fan heitenammen ek nei dy tiid noch wol as sadanich funksjonearre. Dêr binne ferskillende foarbylden fan. Yn *FA* (dl.I, s.15) wurdt *Claf Janßen Clafsen* neamd, de man fan de earder neamde ynformante fan Ehentraut. Hy sil dus ek om 1775 hinne berne wêze. Hiel dúdlik giet it hjir om ien fan de earste generaasje nei it fêstlizzen fan de famyljenammen. De persoan is neamd nei syn pake *Klaas*. Syn heit hyt fan *Jan* en hat oarspronklik as heitenamme *Klaasen* krigen. Dy heitenamme is famyljenamme wurden en sa hat de jonge *Klaas* dus de famylenamme *Clafsen* krigen. Mar hy wurdt ek noch mei in heitenamme nei syn heit *Jan* neamd. Th. Siebs (1923, s. 238) neamt ek in pear gefallen út 1906: *Borchert Jansen Borchers* (berne 1827); *Hinrich Otten Haien* (berne om 1845 hinne), dy't altyd *hinerk oten* neamd waard; *Johan Jansen Luths*. B.E. Siebs (1928, s. 88,89) wiist ek op dy wizânsje om by de nammejouwing de bern in soarte fan 'middelnamme' te jaan.

---

<sup>3</sup> Der binne yn de wurdlist 2 of 3 foarmen te finen dy't derop wize kinne soenen dat de lûdôffal op dat stuit yn syn alderlêste faze wie. Om noch as basis tsjinje te kinnen foar de kar tusken *-s* en *-en* wie it doe nei alle gedachten lykwols al fierstente fier hinne.

## 2.2. Wangereager tanammen út de njoggentjinde en tweintichste ieu

Lit ús no sjen nei de lettere foarmen út de njoggentjinde en iere tweintichste ieu. De nammen binne optekene út it deistich taalgebrûk. Hja binne foarme nêst de dan besteande famyljenammen. Men mei dêrom oannimme dat it produktive foarmings binne.

Op side 88-90 fan Siebs (1928) komme wy de folgjende nammen tsjin. It oersjoch is sa gearstald dat earst de tanamme, dy't ek wer yn de genityf stiet, mei de persoansnamme, jûn wurdt, dan de namme dêr't er fan ôflaat is yn de Wangereager foarm en dan it slachte fan de persoan dêr't dy namme by heart (M/F):

Baïkens Jan	beik	F
Etens Fauk	et	F
Mónens Hûinerk	*mon (it hûs hiet fan <i>mónens huus</i> )	
Tánens Hank	tan	M
Ookens Jooján	ok	M
Lítiis Jan	litii (flaainamme)	F
Méetiis Thiiárk	meetii (flaainamme)	F
Hingers Engel	*hinger	M

fierders yn *FA I*, s. 18:

Greitens faun	greit	F = Gryt har dochter
Faukens Hóoi	fauk	M
Ickens Johán	iik	M
Lúuters Fauk	lutert	M

Wat fuort opfalt is dat hjir de tanammen fóar de persoansnammen steane - oars as by de âlde heitenammen dy't achter de persoansnammen kamen. It giet ek net allinnich mear om heitenammen, mar ek om memmenammen.

Yn it Wangereagersk komme wy by dy foaropsteande tanammen de folgjende útgongen tsjin: *-ens* en *-s*, sawol by manljus- as by frouljusnammen. De ienwurdliiddige wurden, dy't allegear op in bylûd útgeane, krije *-ens*. De oare gefallen binne twawurdliiddige nammen dy't *-s* krije. De namme *\*hinger* is net oerlevere, mar *luuters fauk* is yn alle gefallen in wis foarbyld fan in twawurdliiddige namme op in bylûd. De twa frouljusnammen op *-ii* binne flaainammen. De iennichste oerlevere ienwurdliiddige namme op in lûd is *hooii*. De útgong dêrfan is net bekend.

Wy sjogge grutte feroarings yn ferliking mei de famyljenammen. Yn it foarste plak is *-en* ferfongen troch *-ens* en twad binne de regels foar de ferdieling fan de útgongen folslein feroare. Folge *-en* op in Aldfryske fokaalútgong (en dus altyd by twa- of mearwurdliiddige nammen), *-ens* stiet by ienwurdliiddige nammen op in bylûd. *-s* folget by de famyljenammen op bylûd, yn de njoggentjinde ieu op fokaal of bylûd yn mearwurdliiddige nammen.

De útgong *-ens* is nei alle gedachten in steapelfoarm fan *-en* en *-s*. De útgong *-s* hat him ommers algemien as genityfútgong trochset yn de measte moderne Germaanske talen, ek, of faaks krekt benammen, nei it ferdwinen fan de âlde

ferbûgingsklassen. Sa waard *-en* dan fersterke troch *-s*. *-ens* fine wy yn it Wangereagersk ek werom as markearder fan de partitive genityf yn *wit wûitens*, 'wat wyts', *wit néttens*, 'wat moais', *stîlkens*, 'sûntsjes' en dêrwei ek yn útdrukkings as *dait greínens*, 'it grien'. Dêrnêst fine wy *wit litks*, 'wat lyts' en *wit niis*, 'wat nijs', *wit niischûriis*, 'wat nijsgjirrichs', *sóotiis*, 'sûntsjes'. Utsein *wit litks* (\**litkens* is ek net oerlevere) hâlde se har allegear oan deselde regels as de nammen. Mûlk waard *litk* mei swarabaktifokaal as [lɪ'tək] útsprutsen en wie it dêrtroch twawurdliedich en krige dus *-s*. De foarm *wit niis* jout in oanwizing dat ienwurdliedige wurden op in lûd *-s* krigen.<sup>4</sup>

### 3. Beslút

Op basis fan it foarôfgeande kin de folgjende rekonstruksje makke wurde:

Yn it midsieuske (Ald)wangereagersk, in dialekt fan it Aldfrysk, waarden de nammen ferbûgd lykas de oare haadwurden, dus sterk (*-s*) of swak (*-a*). Famyljenammen bestiene net en persoansnammen waarden oanfolle mei heitenammen. Doe't it Aldfryske ferbûgingssysteem ferdwûn - nei alle gedachten oan 'e ein fan 'e midsieuwen - en *-a* ta *-e* reducearre waard of ferdwûn, is *-a* as genityfmarkearring ferfongen troch *-en*. Op in gegeven stuit, fóar 1770 nimme wy hjir oan, foelen de einlûden ôf en ferdwûn de syngroane basis foar de ferdieling fan *-en* en *-s*. Dy ferdieling waard leksikalisearre, wat mooglik wie om't de nammefoarrie stabyl wie.

Nêst de bestjurre útgongen fan de heitenammen ûntstie in nije genityfútgong op *-ens*. Ein achttjinde ieu waarden de heitenammen as famyljenammen fêstlein yn har leksikalisearre foarm. Alhoewol't de heitenammen-âlde-styl noch wol brûkt waarden as 'middelnamme' koe by it brûken fan dy 'middelnamme' maklik betizing ûntstean oer de aard fan dy nammen, om't se yn foarm identyk wienen oan de famyljenammen. Dêrtroch ûntstie ferlet fan in nij systeem. It nije systeem waard (fansels) stal jûn mei help fan de regels foar it foarmjen fan de genityf dy't op dat stuit produktyf wienen. Sa waard *Hank*, de soan fan *Tan Kláasen* net mear \**Hank Tannen*, want hy hiet no offisjeel fan *Hank Kláasen* en dus waard it *Tánens Hank*. De namme yn de genityf kaam der foar. Dat wie ommers al wizânsje as it gie om de kombinaasje namme + gewoan haadwurd (dus net in namme), lykas út *greitens faun* bliken docht.

<sup>4</sup> Op grûn fan *wit niis* soe men oannimme dat *hooii* ta \**hooiis* waard. It Hilgelânsk, dat ornaris ek *-ens* hat foar partitive genitiven, hat ek *wat lets* en *wat nais*. Dat binne nei alle gedachten bestjurre âldere foarmen. Op grûn fan in net bewiisber taalgefoel soe ik oars earder \**hooiiens* ferwachtsje.

**Taheakke 1.** Wangereager foarmen dy't net oerlevere binne by Ehrentraut,  
binne rekonstruearre mei \* der foar

A: nammen op *-en*

Adden	Adde	ad
Clasen	Clas	klaas
Eden	Ede/Edo	eed
Eiben	Eibe	*aib
Foken	Foke	fauk
Hancken	Hank	hannk
Hänschen	Hänschen	*hensken
Hayen	Hayo	hóoi
Honken	Honke	hannk
Icken	Icke	iik
Ihniken	Inick, Ihnke	iinnk
Janssen	Jan	*jan
Johansen	Johan	johán
Lübben	Lübbe	*lüb
Nambcken	Nambke	*nambk
Ocken	Ocko	ok
Onken	Onke	*onk
Onnen	Onno/Onne	aan
Otten	Otto	ot
Popken	Popke	*popk
Renken/Reinken	Reinke	reink
Taddiken	Taddik	*tadiik
Tannen	Tanne/Tanno	tan
Ubben	Ubbe/Ubbo	*ob
Ummen	Umme	*om

B: nammen op *-s*

Ahlers	} Alerck	óo,lerk
Ahlricks		
Alercks	} Borchert	bórgert
Borchers		
Carstens	Karsten	kä'arsen
Christians	Christian	kristián (Siebs 1927, s.86)
Dierks	Dirk	diirk
Frerks	Frerk	fräärk
Genters	} Gentert	géntert
Gentets		
Gents	} Gößel	*gesel
Gößels		
Gummels	Gummel	gúmmel

Gümmels	Gümmel	gúmmel
Harms	Harm	*harm
Hillercks	Hillercken	*híllerck
Hillers	Hillert	*híllert
Hinrichs	Hinrich	híínerck
Jarbucks	Jarback	*jarbuuk
Jarikes	Jark	*jark
Luths	Luth	luut
Meinerts/-hards	Meinert	meínert
Oelrichs	Oelrich	óó_lerk
Pauls	Paul	*paul
Peters	Peter	*péeter
Richards/Riechers	Richard	*richard
Siebels	Siebelt	*sííbel
Thiadelfs	Tiadelf	*thiiádelf
Tiarks	Tjark	thiiárk
Wilters/Wilts	Wiltert	wííter